

po@dium

berjocht

fan Bennie Huisman

'Rehab...' - 1

2016. Ein Jannewaris.

De winter hat even foar winter opslein en al gau wer plak makke foar mylder waar. En hoe't ik it de Echte Friezen ek gun, it komt my net min út. It wurdt stadichoan tiid om myn skuorre-yn-oanbou ticht te meitsjen. Moai op 'e tiid sette in krante-artikel my dizze wike op in nijsgjirrich spoar. Of eins sette it my op skerp, yn it spoar dat ik al wat yn-slein wie.

Doe't ik mei de skuorre begûn wie 'k fêst fan doel om safolle mooglik fan de foargon-ger - in earder demontabel simmerhúske fan Skylge - opnij te brûken. No wie dat ek net sa dreech; it bestie foar it grutste part út hout en hie in dak fan galvanisearde golfplaten. Wat noch knap geef wie - beskildere, bespikere en al - ha 'k al mei oerlis en ferdrach demontearre en besykje ik no wer te brûken. Wêr't ik daliks gjin nut & tapassing foar seach of betinke koe wie 'ta weismiten keard'.

Foarige wike krige ik in artikel ûnder eagen, dêr't de arsjitekt Thomas Rau it begryp 'circulair bouwen' yn brûkt, as alternatyf foar it populêre, mar faak misbrûkte 'duurzaam'. Kern-idee & ideaal: it folslein werbrûken fan alle boumaterialen en grûnstoffen. It lêzen fan it artikel makke dat 'k no al myn bewarre boumateriaal - ek wat eins al nominearre wie foar de 'stoart' - opnij besjoch op syn mooglikheden.

Alle mooglikheden.



It freget in oare wize fan sjen en fan tinken. En ik kom sa mei in omwei wer by in útgongspunt dat ik yn ien fan myn earste Po@dium-artikels omskreaun ha as *'it skriuwen fan in skuorre'*. Ik sjoch it hiele projekt ek mear as in foarm fan tapaste keunst, dêr't it ferhaal fan it proses like wichtig yn is as de tapaslikheid fan it produkt. Yn alle technyske puzzels wie ik dat paad eins wat kwyt rekke.

'Rehab...' - 2

Op it lytse filmfestival fan Snits bedarre ik tafallich by in dokumentêre dêr't ik wol oer lêzen hie mar yn earste ynstânsje oer tocht: 'ik wit net oft ik dat eins wol sjen wol'. *Amy*. Oer de opkomst & benammen de ûndergong fan Amy Winehouse, in sjong-star dy't yn it earste desennium fan dizze ieu net te ûntrinnen wie yn de 'publike romte', sa't dy ta ús komt yn kranten, televyzje & it net.



In theatrale ferskinning mei in grut muzikaal talint, mei aardich wat ‘himel’ (awards foar ‘best song, best album ensfh.) en net te min ‘hel’: psychyske problemen, drank- & drugsferslaving en benammen dêrtroch altyd mei de strontmiggen fan de populêre sjournalistyk yn de nekke, want de ûndergong fan de ien is it bestean fan de oar.

Yn guon reviews fan *Amy* waard de doku ek gauris wat yn dy ‘necrofile’ hoeke treaun. Dat wie op foarhân eins ek wat myn eigen gefoel. Popmuzyk wurdt ús alle dagen presintearre as ien fan de wichtigste saken fan dizze tiid, dêr’t jo eins neat fan misse meie, mar it is ek benammen in yndustry, dêr’t handige ûndernimmers safolle mooglik oan hoopje te fertsjinjen. En wa’t dan sa ‘n docu makket wit ek yn ‘t foar dat it ‘yn de merk setten’ net nedich is: dat docht it ûnderwerp sels wol. Skepsis foarôf alsa. En twifel, tusken dochs wol benijd en lit mar...

Mar ik waard djip rekke troch de film. Net inkeld troch har tige persoanlike lietsjes, dy’t ik foar it earst werklik hearde (troch de setting, it meirinnen fan de teksten en de beslettenheid fan de romte mei dat grutte skerm). Mar ek troch har stim, har brekbere persoanlikheid en har wrakseling om yn al dy oarloegen oerein te bliuwen. It wie ek de rehabilitaasje fan in minske, dy’t publyklik al oan alle eienen en kanten de maat nommen en ôfserveard wie. Dy’t libbe waard yn it publike domyn en oplibbe yn de yntimiteit fan in studio. Dy’t har opjage fielde troch alle oandacht en der tagelyk sels ek net sûnder like te kinnen.

Se gie t’n ûnder oan in destruktief mingsel - ûnsekerheid narsisme, ienlikens, âlde trauma’s, we wrakselje der allegearre min of mear mei. It waard ta ûntbrâning brocht troch de hite fan de skynwerpers. Dat hie se mien mei al dy oare legendaryske popstjerren, dy’t ek allegearre 27 jier âld wienen, doe’t se - bewust of by ûngelok - der tuskenút knypten: Kurt Cobain, Jimmy Hendrix, Jim Morrison, Janis Joplin.

‘Rehab...’ - 3

Oer de lêste kaam dizze moanne ek in filmdocumêntêre út: *Little girl blue*. Fierder werom yn ’e tiid, de jierren fan *Love & Peace*, de jierren ‘60. Letterlik, want se stoar yn 1970 oan in ‘overdosis’. De byldkultuer stie noch yn ‘e bernskuon. Myn byld fan en oantinken oan har hold eins op by ‘*Me and my Bobby McGee*’ en by dy stim, dy ‘t net sa sear ‘bel-canto’ neistribbe as wol sear die. Ik miste it doe omt ik yn de keunsten altyd al wat neist de hertslach fan de tiid libbe en libje.



Mar dizze weromblik, dy't mei brieffragminten en bylden ek har wrakselingen fan bern-ôf dokumentearre, prate my wer by. Ek oer har stim, dy't alle fokale útersten opsocht, oer har teatrale performance yn it ljocht fan de skynwerpers, dêr't se har - yn tsjinstelling ta Amy Winehouse - even op har plak en feiliger fiede foar de ellinde en depresjes dêrbûten. Foar de wrakseling bygelyks mei de fraach: wa en wat bin ik yn de eagen fan de oaren? Fan myn âlden, myn freonen en leafdes.

Fertizings en trauma 's. By Janis Joplin wienen dy - ek troch it tiidsferkil - better te be-neamen en te herkennen. Op alle skoallen wie se in outsider. Op de universiteit waard se (dat koe ek sûnder 'sosjale' media) útroppen ta 'ugliest man of the Campus...' Se wraksele mei ûnsekerheid oer har úterlik. En mei ferslavings.

Beide dokumintêres litte ús in wrâld sjen, dy't gâns jonge muzikanten graach as himel bestoarmje wolle, mar dy't in wrede jungle is, dêr't in soad it paad yn kwyrt reitsje.

Jou my dan dochs mar: *Kening fan de greide.*

Of fan de skuorre.



.....

*I don't ever want to drink again
I just, oh, I just need a friend
I'm not gonna spend ten weeks
Have everyone think I'm on the mend*

*And it's not just my pride
It's just till these tears have dried*

*They tried to make me go to rehab
I said, "no, no, no"
Yes, I been black
But when I come back,
you'll know, know, know
I ain't got the time
And if my daddy thinks I'm fine
He's tried to make me go to rehab
I won't go, go, go*

(út *Rehab* fan Amy Winehouse)